Stifting Krúspunt – Oekumenysk Plafoarm
Fuortsetting fan it Kristlik Frysk Selskip 1908-2008
foarsitter; Liuwe H. Westra
Waaksenserwei 2
8823 SX Lollum
06-30837586
liuwe.westra@mensa.nl
www.kruspunt.frl // adm@kruspunt.nl

Ferslach Krúspuntdei 11 april 2026 (konsept)
Akkrum Lantearne - Terptsjerke

Nei in noflike ynrin fan 9.30 oere ôf iepene foarsitter Liuwe Westra de jierlikse dei mei in wolkom oan de dielnimmers. Oanwêzich wiene de bestjoersleden Martha de Boer-van Slooten, Wessel Rozendal en Tryntsje van der Veer (oantekens). Mei kennisjouwing wiene ôfwêzich Geart Bruinsma, Feike Dykstra en Hessel Yntema. De foarsitter liet witte dat spiternôch Feike fanwege syn sûnens ôfsjocht fan in fierdere sit yn it bestjoer, hy soe de funksje fan skriuwer ynfolje.

Nei it sjongen fan ‘In spyltúch bin ik yn Gods hân’ en ‘Wolkom freugde fan ’e wrâld’ (nr. 6 en 24. Lieten fan Leauwe en Langstme, LLL), mei Geart van der Heide oan de piano, folge de earste ynlieding.
Jelle Cnossen spruts oer de eftergrûn en stân fan saken oangeande de Nije Fryske Bibel Oersetting. Yn 2010 berikte it YKFE it fersyk fan de klassis om in nije oersetting, yn 2018 wie de start yn Frjentsjer. Jelle hat sit yn it bestjoer en is ûnderwilens projektlieder. Hy beskreau it soarchfâldige oersetproses en wy seagen in priuwke derfan. It is in projekt fan formaat, mei tal meiwurkers yn ferskate lagen (oersetters, meilêzers, redaksje, einredaksje ensafh.) en mei in tiidpaad dat langer is as foarsjoen, mar as dat slagget, is it in enoarme prestaasje. It stribjen is ein dit jier it Nije Testamint oerset te hawwen. Sjoch www.fryskebibel.frl. Nei ôfrin beantwurde hy fragen út it gehoar wei. Healwei syn lêzing songen wy in tal lieten (‘In freugderop, in blide stim’ en ‘Sjong dyn sang foar de sinne, ljurk’, nr. 89 en 94 LLL) en foar it skoft ‘It gedicht fan pater Titus’, ‘Ik bin op Jo, myn Skyld en myn Beskermer’ en ‘Hear, segenje it iten’ (nr. 140, 139 en 27 LLL).

Nei it genietsjen fan sop en it meinommen brochje wie der de opsje foar in fertrêdzjen yn ‘e tún mei beplanting ynspirearre op de Bibel. Hjirfan waard beheid gebrûk makke, noflike petearen klonken rûnom oan de taffeltsjes.

Ta earbetoan oan de koartlyn ferstoarne dirigent en komponist Gerben van der Veen songen wy dernei it liet ‘De minsken fan foarby’, op in meldij fan syn hân en op wurden fan Hanna Lam, oerset troch Eppie Dam (Hertslach nr. 114). As tarieding op de twadde ynlieding en fesper klonk de ‘Jûnbea’, wurden fan Gysbert Japicx op in setting fan Schein. It klonk daliks fertroud.

Fan goed 13 oant 14 oere waard de jiergearkomste fan de Stifting Krúspunt hâlden.
Oanslutend spruts André Looijenga, promovendus by de Fryske Akademy en Universiteit fan Amsterdam oer ‘De Psalmen fan Gysbert Japicx yn har tiid’, opnommen yn de Friesche Rymlerye fan 1668. Wy songen in tal kûpletten fan Psalm 103, op wurden fan Gysbert, de psalm dy’t in sintrale rol ynnimme soe by de fesper, dy’t fan 15:15-16 oere plakfûn yn de Terptsjerke, mei Liuwe Westra as foargonger en Geart van der Heide as oargelist.

Nei ôfrin dêrfan tanke de foarsitter foar de oanwêzigens op dizze dei en winske elts wol thús.